

Oan de fraksje fan de ChristenUnie,
dhr. M. de Vries

Ljouwert, 24 jannewaris 2023
Ferstjoerd, 27 JAN. 2023

Ús merkteken : 02054307
Ôfd/Opjefte : Mobiliteit
Opsteld troch :
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beântwurdjend skriftlike fragen oer Havennetwurk Fryslân

Achte hear De Vries,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 30 novimber 2022 beântwurdzje wy as neikomt.

Yn it earste plak biede wy ús ekskús oan foar it beântwurdzjen bûten de perioade fan 30 dagen. Spitigernôch is it ús net slagge om jo dit brief binnen dizze perioade te stjoeren.

Ynliedende taljochting fan de CU

- *Yn de Steategearkomste fan 21 septimber 2022 is de moasje mei de namme 08. Moasje01OANPAST-Integrale visie Havennetwurk Fryslân oannommen.*
- *Op 4 oktober 2022 waard yn de Harmonie troch it Havennetwurk Fryslân in strategyske aginda presintearre.*
- *Yn de kommende tiid sil wurke wurde oan de ferbettering fan de brêgen oer it PM-kanaal It ekonomysk belang fan ferfier oer wetter yn Fryslân wurdt besifere op sawat 1 miljard op jierbasis. In protter Reders ha harren domisylje yn Fryslân. De Maritime academy yn Harns soarget foar 60% foar de oplieding fan de Nederlânse bemanning. Mei 500 studinten is dit de grutste MBU foar binnenskipfeart yn West-Europa. Nederlân is yn West-Europa fierwei de grutste spiler. It Havennetwurk Fryslân is fan ûnderen op ûntstien. It bestiet al út 28 bedriuwen en in pear kennisynstituten en belange-organisaasjes nimme diel. Fjouwer gemeenten mei in binnenhaven yn Fryslân stypje dit inisjatyf. It doel fan it Havennetwurk Fryslân is om de binnenskipfeart út te bouwen sadat der mear ferfier fan de wei nei it wetter ferpleatst wurdt. Dit hat oantoand effekt op de beheining fan*

gebrûk fan fossile brânstoffen. It PM-kanaal is wichtich foar Fryslân, Grins en Drinte. Ek it ferfier nei Dútslân blykt ta te nimmen as der bygelyks op de Waal te min wetter stiet. Sirkulêre aspekten foarmje ek yn dit ferfier in wichtich ûnderwerp. Sawol wat der ferfiert wurdt as de skippen sels krije in gruttere betsjutting op de sirkulêre merke. Dit inisjatyf laat foar ús ta de folgjende fragen:

Fraach 1:

Hoe wichtich fynt DS it om mei de ferskate gemeenten mei in haven foar de binnenskipfeart gear te wurkjen om te kommen ta in fyzje sa as bedoeld yn de moasje fan 21 sept 2022?

Antwurd fraach 1:

Jo Steaten hawwe yn de neamde moasje frege om in fisjy. It kolleezje wol ynkoarten op bestjoerlik nivo yn oerlis gean mei de belutsen gemeenten en it 'Havennetwerk Friesland' om nut en needsaak fan in fisjy te bepraten. Mooglik dat it beëage doel ek op in oare wize ta stân komme kin. Op grûn fan de útkomsten fan dit oerlis sille wy dan fierder beskôgje wat fanneden is. Wy ynformearje jo Steaten hjirfoer at dêroer mear dúdlik is.

En at it no in fisjy wurdt as wat oars; it kin yn ús eagen nea sûnder de gemeenten. Hja hawwe by útstek de lokale kennis en it ynsjoch fan wat der yn de havens spilet. It is is dan ek oan de gemeenten om oan te jaan hoe 't hja:

- de binnenfeart in plak jaan wolle yn de havens;
- harren wiete yndustryterreinen foarm jaan wolle, en;
- omgean wolle mei ûntjouwings op it mêd fan it stimulearjen fan de wetterekonomy, fan duorsumens en fan sirkulariteit.

Dêrmei liket it ús dan ek tige wichtich dat de gemeenten belutsen binne by en neitinke oer de takomst fan de havens yn Fryslân.

Fraach 2:

Op hokker wize is DS dwaande om te wurkjen oan in yntegrale fyzje?

Antwurd fraach 2:

Sa at yn it antwurd op fraach 1 neamd is, nimme wy it inisjatyf om yn petear te gean mei de gemeenten en it Havennetwerk Friesland. Dat is yn ús eagen de earste stap.

Jo Steaten hawwe foar dit ûnderwerp gjin oanfolgjende middels beskikber steld. By it bepalen fan de ferfolchstappen is der romte binnen ús reguliere budzjet foar in fasilitearjende en stimulearjende rol. Sa'n rol past yn ús eagen by de smelle ynfolling fan ús keartaken op dit mêd (konfoarm Zero Based Budgetting-systematyk). In bredere ynfolling freget om mear kapasiteit fanút ús organisaasje en yn dat gefal ek om ekstra jild.

Wy sille jo nei it petear ynfoarmearje hokker ferfolchstappen wy winsklik fine.

Fraach 3:

Is DS ree om ek mei dit netwurk gear te wurkjen om te kommen ta in yntegrale fyzje op in havennetwurk yn Fryslân? Wat binne de stappen dy dan setten wurde sille?

Antwurd fraach 3:

Sjoch it antwurd op fraach 1 en 2.

Fraach 4:

Sjocht DS kâns om yn dizze fyzje mei namme it sirkulêre aspekt fan ferfier oer wetter mei te nimmen by it opstellen fan dizze fyzje?

Antwurd fraach 4:

Ja, hjir binne grif kânsen foar. Yn logistyk en frachtferfier giet it neist berikberens ek om de symbioaze en ôfstân tusken bedriuwen en harren lokaasje. Plakken foar en de ûntwikkeling fan wetterrelateare bedriuweterreinen en de sirkulêre goedstreamen moatte passe by harren berikberens.

Fraach 5:

Ûnder wat foar betingsten kin neffens DS de provinsje ek partisipearje yn dit netwurk?

Antwurd fraach 5:

Ynearsten wachtsje wy it bestjoerlike oerlis ôf en dan sjogge wy wat der fierder fanneden is. At bliken docht dat it fan tafoege wearde wêze kin om aktyf te partisipearjen yn it netwurk, sille wy dat yn oerwaging nimme. Ek hjiroer sille wy jo nei it petear neier ynformearje.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,


drs. A.A.M. Brok, foarsitter


A. Schepers, MSc, sekretaris